

Moasje ex artikel 36 reglemint fan oarder foar de gemeenteriedsgearkomste fan de gemeente Hearrenfean

Fan : Ate Eijer FNP

Foar : De foarsitter fan de ried.

Agindapunt : **10A - Moasje Frjemd oan 'e oarder fan de dei**

Ûnderwerp : **Skrasse leechfleanrûte**

De ried yn iepenbiere gearkomst byinoar : **24 febrewaris 2020**

Stelt fêst dat:

- It Ministearje fan Definsje yn de takomst mooglik fan doel is gebrûk te meitsjen fan de âlde leechfleanrûte 10A dy't oer de eastgrins fan ús provinsje leit;
- As gefolch dêrfan straaljagers op in hichte fan mar 75 meter fleane meie wat ta in hiel soad lûdsoerlêst liede sil;
- De rûte yn 2002 bûten gebrûk steld is fanwege de lûdsoerlêst en it gefaar foar de fleanerij by Drachten;
- Der doetiids grutte tsjinstân by de ynwenners fan Fryslân tsjin it leechfleanen;
- It net te ferwachtsjen is dat der no minder skealike gefolgen wêze sille by it mooglik yn gebrûk nimmen fan de rûte as yn 2002.

Oerwaget dat:

- De noardlike en eastlike provinsjes oan jouwe folslein fan de rûte ôf te wollen;
- De route ek oer in part fan de gemeente Hearrenfean gie;
- De staatssekretaris yn de 2^e keamer oanjûn hat dat de rûte 10A op dit stuit net brûkt wurdt mar dat de route net opheft wurde sil;
- Totale ôfskaffing fan de route dúdlikheid jout oan ús ynwenners.

Fersiket it kolleezje op:

- Der by it regear op oan te trunen dat de leechfleanrûte 10A hielendal fan tafel giet;
- Dêrfoar yn de mande mei de provinsje en de gemeenten op de rûte op te lûken tsjinoer Definsje.

Yntsjinne troch: FNP en SP

Dizze moasje is: Oannommen Fersmiten Ynlutsen

Stimferhâlding: Fraksje(s) foar: _____ Fraksje(s) tsjin: _____

Hantekening griffier: